



Fan FFU: EBLT freget reaksje op 6e rapportaazje Hânfest foar Minderheidstalen 2015-2018

190718.opmerkings FFU

Foar it EBLT

Underwerp: fersyk om in krityske reaksje op de sechsde rapportaazje fan Nederlân oer it Hânfêst

Achte EBLT-DB,

As FFU hawwe wy hast op alle rapporten út it ferline yn de ien of oare foarm reagearre (sj. ús webstek: www.ffu-frl.eu [yn- en útgien]). Wy geane dan ek net yn op alderlei details fan de 6de rapportaazje, mar hâlde it algemien en koart (sjoch hjirûnder).

De FFU hat ek yn it ramt fan de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* (BAST) gâns easken (yn de foarm fan struibrievens en petysjes) buorkundich makke oangeande wat der nedich is om ta in wier effektyf taalbelied te kommen. Ek oaren hawwe dat dien, bgl. de RfdFB mei in *alternative Skaad-BFTK*, de FNP oangeande de needsaak ta *selsbeskikking*, ensfh. Dy publikaasjes binne ek aardich fûneminteel en tige brûkber.

Wy winksje jimme sukses by it gearstallen fan in krityske reaksje foar de Kommissje fan Saakkundigen fan de Ried fan Europa wat it belied foar it Frysk oanbelanget.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

Tom Dykstra (foars.)

*Sytze T. Hiemstra
(skr.)*

Krityske opmerkings by 6^e rapportage Nederland 2015-2018 (juny 2019)

De earste sin fan it rapportaazjedokumint jout oan dat oer it generaal de nedige stappen set binne om it belied foar it Frysk te fersterkjen. Dat is nêt wier. Der binne stappen set, mar dy binne eins allegearre net effektyf, ek al jouwe se wol de skyn dat Ryk en provinsje echt wat oan it Frysk dwaan sille. It is te folle algemien praat foar de Bühne. It Nederlânsk is oeral ferplichte (en wurdt ôftwongen) en it Frysk bliuwt yn de kearn in 'geunst'. Dêr sit him de oast.

Koartsein: de taalûnderdrukking troch in belied fan jierrenlange efterstelling en assimilaasjepolityk fan it Ryk (sûnt Napoleon, 1800) hat sukses. It FA-rapport 2018 ('Taal yn Fryslân, de folgjende

generaasje') jout bgl. oan dat fan 1971 oant 2017 it persintaazje ynweners mei Frysk as thústaal werom rûn is fan 71% nei 49%.

Yn de 6de rapportaazje falt lykwols te lêzen, dat de taalbehearsking *'wel wat teruggelopen is, maar niet zoveel als gedacht. Het is redelijk stabiel gebleven'*. Beskamsom om dy slimme efterútgong eins as in foarútgong te beskôgjen. It liket ús der wer in klear bewiis fan dat de oerheden de efterstelde posysje fan it Frysk net écht trochbrekke wolle, nettsjinsteande deadwaners as *'het Fries [is] niet alleen een recht, maar ook een vanzelfsprekendheid'*.

Hoewol't it útbesteegjen fan de taalpraktyk oan lokale oerheden yn *prinsipe* goed is, wurket dat net goed, omdat dy oerheden bûn binne oan *lanlike* regeljouwing en easken. De effektiviteit fan de 'Wet gebruik Friese taal' wurdt dêrtroch folslein teneate dien. Sa makket bgl. ek de spesjalisearring by de rjochtbanken it brûken fan it Frysk ûnmooglik.

De advizen fan *DINGtiid* binne net ferkeard, mar hawwe gjin effekt op in sterker belied foar it Frysk. Der wurdt wakker skerme mei in 'taalskipper', mar dat konsept is te diznich en dus ek net efektyf. De saneamde 'taaltafels' kinne mooglik helpe om de situaasje foar Haachske amtners wat better ynsichtlik te meitsjen, mar utere beswieren (as: *'learlingen spreken geen Fries en wensen dat ook niet'*), dy't in streekrjocht gefolch binne fan dy efterstelling, sille foar harren as krekt wer as 'legitime' beswieren opfette wurde en dus helpt soks net as der gjin efektyf wjerwurd komt.

De evaluaasje fan de *BFTK 13-18* soe in *posityf* byld jaan. Op papier wurde hiel wat saken opsomme, mar der is gjin sprake fan in systematyske en gearhingjende beliedsoanpak om échte stappen foarút te setten. De provinsjale *Beleidsregel 2015* is de facto likegoed in 'stjerhûskonstruksje'. Ûntheffing wurdt dêryn net as in **útsûndering** (*yndividueel*, foar tige spesifike gefallen) sjoen, mar as **regel**, dêr't de skoallen dus ek maksimaal misbrûk (foar *alle* learlingen) fan meitsje kinne (en ek meitsje). Sadwaande wurdt de 'ferplichting' fan it Frysk yn de praktyk wer as in frijbliuwende **hobby** fan learkrêften en skoalbestjoeren sjoen.

De *ynspeksje* sil de *kwaliteit* fan it ûnderwiis yn it Frysk aanst nét neigean en yn tsjinstelling mei de tekst fan de nije BFTK ek gjin 'herstelopdrachten' jaan. De neamde twa tema-ûndersiken binne net sinfol, omdat de slim tekoartsjittende situaasje oangeande it Frysk al lang bekend is. It bliuwt sadwaande noch altiten in belied fan 'pappen en nathouden', ynstee fan dat der effektive stappen set wurde om dy **kwaliteit** te ferbetterjen en te bewekjen. Needsaaklik is it brûken fan it Frysk by alle oare fakken, mei help fan yntegraal meartalige learmiddels en mei in ferplichte eineksamen Frysk foar alle learlingen.

Nettsjinsteande alle moaie wurden achtsje wy it rapport in reekgerdyn en dat is wierskynlik ek sa bedoeld.

Wat der ûntbrekt is in **totaalfyzje** op wêr't it mei it Frysk hinne moat om wier rjocht te dwaan oan echte 'lykweardichheid en lykberjochtiging', mei in yngeande analyze fan alle *rânebetingsten* dy't dêrby achtslein wurde moatte. Út de 6de rapportaazje docht fannijs bliken dat ferantwurdlikheid fan it Ryk foar ús taalmienskip en de Fryske taal en kultuer net echt field wurdt.

Taheakken (inkelde relevante skeakels):

- Skaad-BFTK RfdFB: <http://ffu-fri.eu/PDF/180628.RFFB-BFTK.pdf>

- FNP: Fryslân sels oan it roer: <http://ffu-frl.eu/PDF/UtwurkingFNPfyzje-Fryslanselsoanitroer-sept.2108-compr.pdf>

- RfdFB: petyasje BFTK 2019-2013: <http://ffu-frl.eu/PDF/RfdFB-petitie%20dinsdag18december2018-2preamble19-23samenv.SkaadBFTK-2.pdf>

- reaksje FFU op Taalplan Frysk: <http://ffu-frl.eu/PDF/180719-def.reaksje.FFU.op.Taalplan.Frysk.en.antw.op%203%20fragen.kommWalweer.pdf>

- FFU: makabere dûns om de kearndoelen hinne: <http://ffu-frl.eu/PDF/Makabere.duns.ferzje.2-180827.compressed.pdf> en: <http://ffu-frl.eu/PDF/180824.def.brief.oan.PS.mei.leswizer.Makabere.duns.webst.pdf>

- Inkelde struibrieven BAST:

fiifde struibrief: <http://ffu-frl.eu/PDF/190626.def.struibrief.De.Haach.26.juny.2019-compressed-2.pdf> ;

fjirde struibrief: <http://ffu-frl.eu/PDF/190220.brosjuere4komp.korrekt-1.pdf> ;

twadde struibrief: <http://ffu-frl.eu/PDF/180917.def.struibrief.BASTFFU.Frysk.op.skoalle.mei.konkrete.doelen.pdf>

(sjoch fierder ek ús FFU- webstek)

Van: EBLT <EBLT@fryske-akademy.nl>

Verzonden: dinsdag 16 juli 2019 07:02

CC: EBLT <EBLT@fryske-akademy.nl>

Onderwerp: EBLT freget reaksje op 6e rapportaazje Hânfest foar Minderheidstalen 2015-2018

Achte AB-leden,

Nei oanlieding fan de sechde rapportaazje (taheakke) fan lidsteat Nederlân oer it Hânfêst foar Minderheidstalen foar de perioade 2015-2018 stjoere de DB-leden fan it EBLT jimme dizze mail. Foar ús as EBLT is dizze rapportaazje net sûnder betsjutting. It skriuwen fan in adekwate, earlike mar ek krityske reaksje op dit stik heart ta de kearntaken fan it EBLT. Wy witte út ús geregelde kontakten dat de Ried fan Europa rekkenet op in bydrage fan ús kant en ek dat se dy ynformaasje nedich hawwe om har wurk dwaan te kinnen by harren wurkbesite oan lidsteat Nederlân. Dit sil foar ús ek in tarieding wêze foar de earstfolgjende besite fan de Committee of Experts fan de Ried fan Europe yn Ljouwert. Foarsafier ús bekend sil dy besite yn oktober plakfine.

Om ta in folslein en goede reaksje te kommen fersykje wy jimme om ek kritysk nei it stik te sjen en hjirop te reagearjen. Jimme kinne dat op twa wizen dwaan: troch sels as organisaasje in reaksje te skriuwen en dy streekrocht nei it sekretariaat fan it Hânfêst yn Straatsburch te stjoeren. In twadde mooglikheid is om dat fia it EBLT te dwaan. Wy kinne reaksjes fan lidorganisaasjes dy't net selsstannich in reaksje nei de Ried fan Europa stjoere sammelje en meinimme yn ús reaksje. Wy freegje de leden dy't fan dizze mooglikheid gebrûk meitsje wolle om jimme reaksje **foar 1 augustus** nei ús ta te stjoeren.

Ta ynspiraasje stjoere wy jimme ek in link nei de analyze fan ús AB-lid Henk Wolf op de sechde rapportaazje. Jimme kinne dy analyze hjir fine:

* <https://www.neerlandistiek.nl/2019/06/nederlandse-rijksoverheid-tevreden-over-eigen-beleid-voor-minderheidstalen/> (yn it Nederlânsk)

* <https://www.itnijs.frl/2019/06/it-ryk-is-wat-al-te-optein-oer-syn-eigen-taalbelied/>

Mei rju achtinge,

Froukje de Jong, foarsitter EBLT